

Krúspunt: Frysk Oekumenysk Platfoarm  
Fuortsetting fan it wurk fan it Kristlik Frysk Selskip 1908-2008

Fesper yn 'e Jehannestsjerke te Tsjom

ta gelegenheid fan it stilstean by mear as 100 jier Fryske tsjinsten

foargonger: Liuwe H. Westra  
oargelist: Geart van der Heide

stilte

foargonger    Hear, iepenje my de lippen.  
gemeente      Myn mûle sil sjonge fan jo lof.  
foargonger    God, kom my te help.  
gemeente      Heare, wês hastich om my te helpen.

oanstekken fan 'e peaskekears

Pinksterliet: Oer hiel de wrâld

Psalm 150 sprutsen en songen, ôfwiksele mei antifoan

*It sprekken fan 'e psalm dogge wy yn twa groepen. De iene groep (I, oan 'e konsistoarjekant) sprekt de oare groep ta (II, oan 'e oargelkant), en oarsom. Soms wurdt in fers troch beide groepen tagelyk sprutsen.*

*De antifoan wurdt altyd sprutsen troch de hiele gemeente, ek noch in kear nei it sjongen.*

antifoan      Al wat sykhellet, loovje de Heare!

I+II    Halleluja!

I      Loovje God yn syn hillichdom,  
II     loovje Him yn syn machtich ferwulft,  
I      loovje Him om syn machtige dieden,  
II     loovje Him, machtich en grut dat er is!

I      Loovje Him mei de klang fan 'e rammehoarn,  
II     loovje Him mei harp en liere,  
I      loovje Him mei tromme en dûns,  
II     loovje Him mei snaren en fluit!  
I      Loovje Him mei slaande bekkens,  
II     loovje Him mei sketterjende bekkens,  
I      al wat sykhellet, loovje de Heare,  
II     halleluja!

I Eare oan de Heit en de Soan en de Hillige Geast,  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid.

antifoan Al wat sykhellet, loovje de Heare!

Psalm 150: 1 en 2, songen

Loovje God yn 't hillichdom!  
Rop syn nammen oeral om,  
heger as it firmamint,  
fierder as de sinne rint.  
Al wat libben hat op ierde,  
loovje him yn syn hielal  
foar syn wûnders sûnder tal.  
Wol Him earj' en hulde biede!

Rammehoarn mei sterke stim,  
harp en siter, loovje him.  
Lit de wrâld yn wille wei  
sjong' en dûnsje troch de dei  
by de bekkens en de lieren.  
Set by tromm' en tamboeryn  
heech it Halleluja yn  
om in feest foar God te fieren!

antifoan Al wat sykhellet, loovje de Heare!

lêzing: Jehannes 14: 21-29

'Dy't myn geboaden krige hat en him deroan hâldt, dy is it dy't My leafhat en dy't My leafhat, him sil myn Heit leafhawwe. Ik sil him ek leafhawwe en Ik sil My oan him bekend meitsje.' Judas, net Judas Iskariot, sei tsjin Him: 'Hoe komt it dan, Hear, dat Jo Jo àl oan ús bekend meitsje sille en net oan 'e hiele wrâld?' Jezus antwurde: 'As ien My leafhat, sil er him oan myn wurd hâlde en myn Heit sil him leafhawwe, wy sille by him komme en ús by him nei wenjen sette. Dy't My net leafhat, hâldt him net oan myn wurden en it wurd dat jimme hearre, is mines net, mar fan myn Heit dy't My stjoerd hat. Dat haw ik jimme sein, no't Ik noch ûnder jimme tahâld. De helper, de Hillige Geast dy't myn Heit yn myn namme stjoere sil, dy sil it jimme allegearre leare en jimme alles wer yn it sin bringe, wat Ik jimme sein haw. Frede lit Ik jimme nei, myn frede jou Ik jimme, net lykas de wrâld frede jout, jou Ik jimme dy. Wurd mar net oerstjoer en sit mar net yn noed, jimme hawwe heard, dat Ik tsjin jimme sein haw: 'Ik gean fuort en kom wer by jimme.' As jimme my leafhienen, soenen jimme der bliid om wêze, dat Ik nei myn Heit ta gean, want myn Heit is mear as Ik. No dan, dit haw Ik jimme sein ear't it komt, dan sille jimme leauwe as it komt.'

meditaasje

Psalm 150 is foar my de psalm fan Pinkster. Omdat it de ôfslutende lofsang is fan it hiele lieteboek fan Israel, en ik leau dat dat lieteboek op dy iene Pinksterdei yn Jeruzalem syn folsleine ferfolling fûn hat. Dat boek is wierwurden yn it ferhaal fan Jezus syn tiid op ierde, en dy tiid is no foarby. Dêrby past sa'n slotakkoard. Mar ek noch om wat oars. Alle mesykynstruminten wurde yn dizze psalm opneamd, ja oproppen om Gods lof te sjongen. Wat binne talen oars as ynstruminten, registers op it oargel fan it hiele minskdom? Al dy registers moatte iepen, al dy talen moatte sjonge. Ek dêrom past Psalm 150 by Pinkster.

Wy hawwe ús oanwend, om it bestean fan safolle talen, ek hjirre yn Fryslân, as in rykdom te sjen. Mar neffens my is it ek in needsaak. Sa't gjin inkeld mesykynstrumint folslein suver wêze kin, sa kin gjin inkelde stim Gods bedoeling sûnder bygelûden klinke litte. Wy muozje altyd wat wei, en grieme der wat fan ússels trochhinne. En dochs wol de Geast fan God op al dy aparte ynstruminten blaze. Just dêrom. Om elkoar by it gehiel te hâlden. En om neat kwyt te reitsjen fan Gods grutte dieden.

Dat jildt foar sjongen en mesyk, dat jildt foar it bouwen fan tsjerken en tuorren, foar wat wy skriuwe en dichtsje, foar wat wy dogge foar elkoar, foar it moaie dat wy meitsje, foar ús krêativiteit, ús omtinken en ús gebed. It binne stik foar stik ynstruminten fan de Hillige Geast. En dus ek ús talen. Hûndert jier lyn wisten de lju net hoe't se God yn it Frysk besjonge moasten, of yn it Grinslânsk, of yn it Biltsk. Mar troch it betrouwen yn 'e Hillige Geast fan in pear minsken witte wy it no al. Want Jezus seit oer dy Geast: Jim sille Him - of Har - wol kenne, op it momint dat it safier is. Gean mar en doch mar. Spylje op jim ynstruminten, ek al witte jim net, wat dêrút komme sil. Doe't ik hjir yn Tsjom yn 'e âlde pastory foar it earst de bugel foar de mûle sette, wist ik ek net watfoar gelûd oft der komme soe. It wie ek net folle bysûnders. Sa hat elke oargelist in kear foar it earst de fingers op 'e toetsen hân, sûnder te witten wat er hearre soe. Mar lang om let krije wy it liet fan de Geast te hearren.

Dêrby stiet of falt alles fansels mei de leafde. Us leafde foar Jezus. Mar Jezus bedoelt net de leafde fan de binnenkeamer, in privee-oertsjûging, Hy bedoelt it kiezen, as elk it sjocht, foar in libben sa't Hy it ús leart. Faak wolle wy wol, mar witte wy net hoe't wy kieze moatte. Leauwe yn 'e Hillige Geast betsjut: kies mar, en dan silst' sjen wat de bedoeling wie. Dat is: ús yn 't sin bringe wat Jezus sein hat. It ferbân sjen tusken ús libben hjirre en syn wurden doe yn Israel. Dat ferbân leart de Geast ús, elk op ús eigen ynstrumint, as wy doare te kiezen foar Him.

De Geast fan God joech Israel de tsien wurden. Doe brocht Er se nei it lân Kanaän, en dêr pas learden se wat dy ynholden. De Geast bringt ús oeral. Mar noch altyd is it de bedoeling dat wy op ús plak en yn ús tiid en op ús wize leare, wat dy tsien wurden ynhâlde. Dêrom is de Geast by ús. Sa't Hy - of Sy - ek is by al dy oare minsken, al dy oare talen. Om elkoar by it gehiel te hâlden. En om te soargjen, dat net ien weiwurdt.

stilte

mesyk

Lofsang fan Sacharias (steande)

No loovje lûd dy wûnd're God  
fan Israels ferwachting,  
dy't nei ús omseach yn ús lot  
fan lijen en ferachting,  
dy't sok in hearlik teken die,  
wat Hy oan David tasein hie,  
dat woe Hy wierheid meitsje,  
al wêr't syn wurd, fan âlds ús jûn,  
him troch profetemûl' oan bûn,  
dêr woe syn trou oer weitsje.

Hy tocht wer oan de hill'ge eed,  
dy't hy oan Abram dien hie,  
en rêd' ús fan 't geweld dat wreed  
ús nei it libben stien hie.  
Wy mei', út fjijâns hearskippij  
ferlost, him tsjinje bliid en frij

ús libben lang op ierde.  
Do, bern, silst útgean foar de Hear  
en meitsje him de wegen klear  
dy't nei syn takomst liede.

Hjir wurdt de wiere wysheid fûn,  
hjir mei Gods folk it leare,  
de Hear hat alle skuld ferjûn,  
dy't oait ús hert beneare.  
In nije dage wurdt ús brocht,  
wy meie stean yn 't klearre ljocht  
fan wierheid en genede;  
wa't sitt' yn skaden fan 'e dea  
oer harren skynt it dagerea,  
oer d' ierde komt Gods frede.

gebedens

foargonger Leave Heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar alle minsken dy't de frede sykje  
en dy fan 'e wrâld net krije.  
En wy roppe:  
gemeente Hear ûntfermje, Hear ûntfermje, Hear ûntfermje Jo!

foargonger Wy bidde foar alle gearre  
dy't har allinnich fiele  
op 'e brede wei  
sykjend nei jo takomst.  
En wy roppe:  
gemeente Hear ûntfermje, Hear ûntfermje, Hear ûntfermje Jo!

Wy bidde foar de minsken  
dy't net doare te kiezen  
omdat se net witte  
hoe't har wurden klinke,  
har dieden útfalle sille.  
En wy roppe:  
gemeente Hear ûntfermje, Hear ûntfermje, Hear ûntfermje Jo!

Wy bidde foar elk minskebern  
dat yn 'e knipe sit,  
foar flechtlingen, siken en fertrietliken,  
minskens mei honger en toarst:  
lit ús mei ús ynstruminten yn har  
wat trilje litte fan jo grutte dieden.  
En wy roppe:  
gemeente Hear ûntfermje, Hear ûntfermje, Hear ûntfermje Jo!

Sa neame wy foar Jo de nammen fan .....

gemeente Hear ûntfermje, Hear ûntfermje, Hear ûntfermje Jo!

stilte

foargonger Heare, wy bidde Jo  
om de krêft om ús hinne  
dy't alles oan it sjongen bringt,  
al ús snaren klinke lit,  
bysûnder makket dy't wy binne:  
jo Geast op ús paad.  
Dêrom bidde wy meiinoar:

God fan fier en hein ús Heit,  
dat wy hilligje jo namme,  
ûnder ús sa faak ûntwijd,  
troch jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei jo wet,  
lit jo ryk op ierde komme.  
Byn jo wil ús op it hert  
en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou wat wy misdiene,  
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,  
al dy't skuldich foar ús stiene.

Lit oer ús gjin neare nacht,  
lied ús net yn blyn begearen.  
Binne wy yn duvels macht,  
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,  
wûnder heimnis is jo namme,  
grut yn krêft en hearlikheid,  
oant yn alle tiden. Amen.

Jûnsliet

Alear, doe't God de wrâld besocht,  
Hy skuord' yn grym' en gloed  
de tsjust're wolkens mei it ljocht  
dat flamme foar syn foet.

De twadde kear doe kaam Er oan  
mei macht en leafdefjoer,  
syn hill'ge do kaam yn 'e moarn  
op wyn en wjokken oer.

It fjoer, dat yn 'e tsjusternis  
de berch oan 't triljen brocht,  
wie no foar elk dy't fan Him is,  
in kroan fan leaflik ljocht.

As út 'e tichte tongerwolk  
Gods hoarn yn d' earen giet,  
dan komt der grutte freez' oer 't folk  
en swijt it ing'leliet.

Mar no't ús God, de Hill'ge Geast,  
syn keppel socht en fûn,  
no binn' de wierheid en de treast  
har hill'ge wegen rûn.

Hy komt yn tsjerk' en oer de wrâld,  
dy't tsjuster is en kwea,  
mar alle hert, behurd' en kâld,  
ferklommet ta de dea.

Kom, Geast fan wierheid, leafd' en macht,  
út hoop' en freze wei,  
rêd yn dizz' oere, dat de nacht  
net oer ús komme mei.

seine

foargonger      De genede fan ús Hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre.  
gemeente        Amen.

Jûnbea fan Gysbert Japiks

No is de dei ferrûn mei oer' en stûne,  
oermits de sinn' deldûkt yn wetters grûne.  
Meitsj' ús no, sliep, fan God ta rêstjen jûne,  
deis lêst ûntbûne.

Kom, swiete sliep, ús eagen feardich binne,  
dat swierlik drôgjen net ûntstjoergj' ús sinnen,  
dat soarch en eangst ús rêstnju net oerrinne  
noch free ferwinne.

Kom, swiete sliep, mar wês ús fêste boarge,  
dat gjin nachtgrym' ús fettet by de loarge,  
dat wy net reitsj' yn fijâns weaz' en fuorge,  
hâld wacht en soarge.

Mar Jo bopp' al, Tsjerkhaad, jo wachters seine,  
wolsillig' ingl'en dat s' al ûnrie weine,  
dat jo skiep Jo troch d' hel net wurd' ûntteine,  
ûntskaak' of skeine.

As dan troch sliep ferkwikke, leave Heare,  
wy feardich moarn ta ús berop werkeare,  
help, dat ús dwaan en litten ta jo eare  
wol wurdt regeare.